

Der wie in protte ynteresse foar de demonstraasje Mais ûnder foly, organisearre troch Loonbedrijf Hans van Leeuwen, Limagrain Nederland en De Samenwerking

Mais ûnder foly yn opkomst

Dit jier stie der al 600 hektare mais ûnder foly. De foardielen lykje dúdlik. It maisseizoen wurdt ferkoarte, der is minder dongjen nedich en de mais hat in hegere opbringst. Ideaal yn it kader fan mear molke út eigen rûchfoer. Dochs binne der ek tsjinlûden te hearren.

Op it earste gesicht liket der gjin ferskil te wêzen tusken de mais dy't ûnder foly siedde is en de tradisjoneel ynsiedde mais op it perseel by de provinsjale dyk by Montfoort lâns. Mar wa't hjir in moanne as twa lyn lâns ried, moat sjoen ha dat de mais ûnder foly doe al oant skouderhichte stie en de tradisjonele mais noch mar ûngefear 20 sintimeter boppe de grûn út stuts. "It is in echt folyjier", seit Hein-Willem Leeraar, dy't al in protte ûnderfining opdien hat yn Fryslân. "It lange wiete en kâlde maitiid soarge der foar dat de tradisjoneel ynsiedde mais net goed op gong kaam. De rassen dy't ûnder foly ynsiedde binne, hienen troch de waarmere temperatuer ûnder de foly in bettere start."

It demo perseel hat 8 lette maisrassen dy't yn de folle grûn ynsiedde binne en 8 lette rassen dy't ûnder foly ynsiedde binne. Jos Groot Koerkamp fan Limagrain seit: "Meunsters, metten fia it LG Animal Nutritionlab, litte sjen dat der op dit momint in ferskil fan 5 persint droege stof is. Yn tiidstip fan rispjien betsjut dit ûngefear 15 dagen earder rispjien." Dêrmei ûnderstreket er daliks de foardielen: ynsiedzje ûnder foly ferkoartet it maisseizoen. Ek skeelt it dongjen. Berekkeningen stelle dat fosfaat net mear nedich is en dat de stikstofgift werombrocht wurde kin mei in tredde. Dêrneist jouwe foerweardebepalingen oan dat der 900 oant 1000 kilo mear setmoal fan in hektare helle wurde kin.

Dochs is noch net elkenien oertsjûge. De ûnkrûddruk tusken de mais ûnder foly is heger as de tradisjonele teelt, al kin dat oplost wurde mei in twadde kear bespuitsjen. Dirk van 't Riet van De Samenwerking: "Yn in normaal jier kiest de boer miskien krekt net foar dit systeem. It kostet him toch 250 oant 300 euro de hektare mear en dat moat er wol werom fertsjinje."